


PS-stik

Datum	Nûmer	Portefûljehâlder Deputearre Steaten
12 maaie 2027	02499325	Deputearre M. de Vries
		Ynformaasje
		 Domein Provinsjale Omjouwing

Underwerp

Sjenswize ûntwerpbegrutting FUMO 2027

Taheakken

- Oanbiedingsbrief DB FUMO, mei as taheakke de Untwerpbegrutting FUMO 2027
- Konseptbrief PS oan it deistich bestjoer fan de FUMO

Utstel

Provinsjale Steaten beslute:

1. Sjenswizen op de ûntwerpbegrutting FUMO 2027 yn te tsjinjen;
2. it brief oan it deistich bestjoer fan de FUMO fêst te stellen.

Oanlieding en gearfetting

De FUMO stelt Provinsjale Steaten yn 'e gelegenheid om sjenswizen op de ûntwerpbegrutting FUMO 2027 yn te tsjinjen. Provinsjale Steaten meitsje fan dy gelegenheid gebrûk.

Foech/rol Steaten

Provinsjale Steaten wurde op grûn fan kêst 28 fan de Mienskiplike regeling FUMO yn 'e gelegenheid steld om sjenswizen yn te tsjinjen.

Bestjoerlike foarskiednis

- DS nimt diel yn de Mienskiplike regeling FUMO. It algemien bestjoer fan de FUMO stelt alle jierren de FUMO-begrutting foar it kommende jier fêst. Rieden, Provinsjale Steaten en it algemien bestjoer fan Wetterskip Fryslân wurde, ear't it algemien bestjoer fan de FUMO syn begrutting fêststelt, yn de gelegenheid steld om sjenswizen op de ûntwerpbegrutting yn te tsjinjen.
- Ferline jier hat de FUMO in beliedsearme begrutting fêststeld. Dêryn waard 'ho hâlden' yn ôfwachtsjen fan in bestjoerlike konferinsje oer de ûntwikkelrjochting fan de Fryske omjouwingstsjinst.
- Dy bestjoerlike konferinsje hat op 29 jannewaris 2026 west. Yn dy konferinsje binne de dielnimmers ta in droegen byld oer in profesjonele, robûste en takomstbestindige FUMO kommen.
- De boppesteande ûntwikkelrjochting wurdt op it stuit fierder útwurke. De FUMO set yn op in stadich feroaringstrajekt oer in perioade fan fjouwer jier. Oan in plan fan oanpak foar dy trochûntwikkeling wurdt wurke. Ynsjoch yn de fierdere planning en te ferwachtsjen finansjele ymplikaasjes binne yn 'e tiid fan de tarieding fan de FUMO-begrutting 2027 noch net beskikber.

- Yn it algemien bestjoer fan de FUMO fan 9 april 2026 binne de koers en kontoeren fan de oanpak op haadlinen taljochte. It AB fan de FUMO stelt him efter dy koers. Der is begryp foar it feit dat in fierdere útwurking noch net klear is.
- De foarlizzende ûntwerpbegrutting befettet útsettings dy't typearre wurde kinne as earste, needsaaklike stappen foar it fuortsterkjen fan de FUMO.

Doel / beëage effekt

- Ynbrochte sjenswizen wurde troch it algemien bestjoer fan de FUMO by de beslútfoarming oer de begrutting FUMO 2027 behelle. Dat sil yn de AB-gearkomste op 10 septimber 2026 wêze.
- Njonken ûndersteande punten is der fan de kant fan Provinsjale Steaten gjin oanlieding foar sjenswizen op ûnderdielen fan de ûntwerpbegrutting FUMO 2027.

Ynhâldlik

- Arguminten

Nei't it AB fan de FUMO ferline jier in beliedsearme Begrutting FUMO 2026 fêststeld hat, is der no mear dúdlikens oer de ûntwikkelrjochting fan de FUMO. Dy is basearre op de útkomsten fan it bestjoerlik petear dat yn de bestjoerlike konferinsje FUMO op 29 jannewaris 2026 west hat en as doel hie ta in breed droegen byld fan de Fryske omjouwingstsjinst te kommen.

De útkomst fan de bestjoerlike konferinsje is dat de dielnimmers harren yn in ûntwikkeling nei mear uniformiteit fine kinne, in regionale oanpak mei romte foar maatwurk en tagelyk in mear ûnôfhinklike rol fan de FUMO yn de útfiering fan syn taken. Om dat te realisearjen sil de FUMO him yn de kommende jierren nei in profesjonele, robúste en takomstbestindige omjouwingstsjinst fan en foar Fryslân trochûntwikkelje.

De ynterim sekretaris/direkteur hat de opdracht om stappen yn de trochûntwikkeling fan de FUMO te setten. De útsetting fan de FUMO-begrutting sjogge wy as in earste en needsaaklike stap om de FUMO fuort te sterkjen en trochûntwikkeling mooglik te meitsjen.

De ûntwerpbegrutting as gehiel biedt romte foar it fuortsterkjen fan de FUMO om trochûntwikkeling yn de kommende jierren mooglik te meitsjen. Provinsjale Steaten kinne ynstimme mei de foarlizzende ûntwerpbegrutting en hawwe gjin sjenswizen op aparte begruttingsposten.

Yn harren sjenswize jouwe Provinsjale Steaten oan dat hja ûnderkenne dat de trochûntwikkeling fan de FUMO nedich is en ynvestearrings freget. Njonken finansjele middels is ek ynset en reewilligens nedich fan de FUMO likegoed as de dielnimmers. Fan de dielnimmers yn de FUMO freget dat om mear uniformiteit nei te stribjen, dat de FUMO trochtaastend en doelmjittich syn taken útfiere kin. Profesjonele ûnôfhinklikens en transparânsje foarmje dêrby wichtige rânebetingsten. Fan alle dielnimmers yn de FUMO freget dat in positive grûnhâlding en in op betrouwen basearre gearwurking. Betrouwen moat groeie. It ûntwikkelplan dat yn tarieding is giet út fan stadichoan en yn stappen ferbetterje.

- Kanttekenings en risiko's

De hjirboppe ûnder Arguminten neamde uniformiteit slacht benammen op mear uniformiteit fan de kant fan de gemeenten oangeande de taken dy't sy by de FUMO ûnderbringe. Dat sil foar in tal gemeentlike dielnimmers liede ta in ferheging fan harren gemeentlike bydragen oan de FUMO.

As gefolch fan sjenswizen fan gemeenterieden kin de FUMO-begrutting oanpast wurde; mooglik wurdt in part fan de frege ynvestearrings dan net, foar in part of letter dien. Dat sil dan trochwurkje yn (it tempo fan) de trochûntwikkeling.

Yn de ûntwerpbegrutting 2027 fan de FUMO giet de provinsjale bydrage ferlike mei de begrutting fan 2026 mei € 869.000 (+ 11,9%) omheech nei in bedrach fan € 8.150.900. Dy ferheging hat in ynsidinteel en struktureel karakter. Nei oanlieding fan sjenswizen kinne dy wizigje, mar op basis fan de ûntwerpbegrutting lykje dizze konsekwinsjes foars te wêzen. Dat falt net op te fangen binnen de besteande budzjetten. Ferwurking fan de ympakt op de provinsjale begrutting sil by it earstfolgjende planning- en controldokumint oan PS foarlein wurde. Ferhegingen nei oanlieding fan yndeksearring fan de budzjetten kinne troch de stelpost nominaal, in budzjet dat dêrfoar yn de besteande provinsjale begrutting beskikber is, opfongen wurde.

Ofwagings

De foarlizzende ûntwerpbegrutting FUMO jout gjin oanlieding ta sjenswizen dy't slagge op in oanpassing fan ien of mear begruttingsposten.

Provinsjale Steaten sjogge de begrutting FUMO 2026 as in wichtige en needsaaklike stap foar it fuortsterkjen fan de FUMO. Dy fuortsterking is nedich om trochûntwikkeling mooglik te meitsjen. Dy trochûntwikkeling freget in breed draachflak ûnder alle dielnimmers en de reewilligens om yn de FUMO te ynvestearjen.

Alternativen

Gjin sjenswizen yntsjinje.

Finansjeel

Nei't it AB fan de FUMO syn begrutting foar 2027 fêststelt (AB fan 10 septimber 2026) witte wy feitlik wat de finansjele konsekwinsjes foar de provinsjale begrutting binne.

Partisipaasje

De FUMO behellet rieden, PS en it AB fan Wetterskip Fryslân yn ynformative gearkomsten by wichtige ûntwikkelingen oangeande de FUMO.

Ferfolchrol PS

Net fan tapassing.

Ljouwert, 12 maaie 2026
Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

drs. ing. J.J. Algra, sekretaris

UTSTEL

Underwerp : **Sjenswize ûntwerpbegrutting FUMO 2027**

Provinsjale Steaten fan Fryslân

Nei it lêzen fan it útstel fan Deputearre Steaten fan Fryslân fan 12 maaie 2026 nr. GS006544, oangeande de sjenswize op de ûntwerpbegrutting FUMO 2027

Oerwagende dat :

- it deistich bestjoer fan de FUMO gelegenheid biedt om sjenswizen yn te bringen;
- de bestjoerlike konferinsje FUMO ûnder de dielnimmers yn de FUMO in mienskiplik takomstbyld fan in robúste en takomstbestindige FUMO oplevere hat;
- dat de FUMO him yn de kommende jierren trochûntwikkelje sil en dêr ynvestearrings foar nedich binne;

Beslute :

1. Sjenswizen op de ûntwerpbegrutting FUMO 2027 yn te tsjinjen;
2. Yn te stimmen mei it brief oan it deistich bestjoer fan de FUMO.

Sa fêststeld troch Provinsjale Steaten fan Fryslân yn harren iepenbiere gearkomste fan 17 juny 2026,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

A.G. Rosier, griffier